

- couplet 1: FRYSK BLOED TSJOCH OP! WOL NO RIS BRÛZE EN SIEDE,
EN BÛNZJE TROCH ÚS IEREN OM!
FLEAN OP! WY SJONGE IT BÊSTE LÂN FAN D'IERDE,
IT FRYSCHE LÂN FOL EARE EN ROM.
KLINK DAN EN DAVERJE FIER YN IT RÛN
DYN ÂLDE EARE, O FRYSCHE GRÛN!
KLINK DAN EN DAVERJE FIER YN IT RÛN
DYN ÂLDE EARE, O FRYSCHE GRÛN!
- couplet 2: HOE EK FAN OERMACHT, NEED EN SEE BETRUTSEN,
OERÂLDE, LEAVE FRYSCHE GRÛN,
NEA WAARD DY FÊSTE, TAAIE BÂN FERBRUTSEN,
DY'T FRIEZEN OAN HAR LÂN FERBÛN.
KLINK DAN EN DAVERJE FIER YN IT RÛN
DYN ÂLDE EARE, O FRYSCHE GRÛN!
KLINK DAN EN DAVERJE FIER YN IT RÛN
DYN ÂLDE EARE, O FRYSCHE GRÛN!
- couplet 3: FAN BÛGJEN FRJEMD, BLEAU BY 'T ÂLD FOLK YN EARE
SYN NAMME EN TAAL, SYN FRIJE SIN;
SYN WURD WIE WET; RJOCHT, SLJOCHT EN TROU SYN LEARE,
EN TWANG, FAN WA EK, STIE IT TSJIN.
KLINK DAN EN DAVERJE FIER YN IT RÛN
DYN ÂLDE EARE, O FRYSCHE GRÛN!
KLINK DAN EN DAVERJE FIER YN IT RÛN
DYN ÂLDE EARE, O FRYSCHE GRÛN!
- couplet 4: TROCHLOFTICH FOLK FAN DIZZE ÂLDE NAMME,
WÊS JIMMER OP DY ÂLDERS GRUT!
BLIUW IVICH FAN DY GRIZE, HEGE STAMME
IN GRIEN, IN KRÊFTICH BLOEIEND LEAT!
KLINK DAN EN DAVERJE FIER YN IT RÛN
DYN ÂLDE EARE, O FRYSCHE GRÛN!
KLINK DAN EN DAVERJE FIER YN IT RÛN
DYN ÂLDE EARE, O FRYSCHE GRÛN!

